

4 maaie taspraak kommissaris fan de Kening drs. A.A.M. Brok Prinsentún, Ljouwert, 4 maaie 2025

It docht goed safolle jongerein te sjen hjir yn de Prinsentún. It jout oan dat der in brede belutsenheid is by it betinken fan de oarlochslachtoffers. Wolkom!

A special welcome to Jim Parks. We are very honoured that you are with us today. Eighty years ago you and your comrades gave back our freedom.

Also a warm welcome to the Royal Canadian Dragoons and captain Tom Skelding. Mayor Gary Serviss from Petawawa, Canada. Retired Canadian Forces General Mister Rick Hillier. Family of the crew of the crashed Lancaster by Earnewâld. It's an honour to welcome you in Fryslân.

Fryslân is still very grateful!

Op 4 maaie stean we stil by alle minsken – boargers en militêren – dy't yn it Keninkryk of wêr ek op'e wrâld omkaam of fermoarde binne; sawol yn de Twadde Wrâldoarloch en yn de ûnôfhinklikheidsoarloch yn Yndonesië, as yn oarlochssituaasjes en by fredesoperaasjes dêrnei.

Yn harren gedicht 'Tongerfûgels' smieten stedsdichter Marrit Jellema en dichter fan Fryslân Arjen Hut in fraach op:

“Hat it ferline werklik bestien? Hat it woartels yn it djippe tsjuster?”

De fraach twingt ús hjoed om as mienskip om yn de spegel te sjen.

Nei de befrijding yn '45 wie de stelling fan de ynternasjonale mienskip: dit nea wer. Wy libje op'e nij yn ûnwisse tiden. Der is oarloch op ús kontinint en ús demokratiske rjochtssteat, ús frijheden, stean ûnder druk.

Op'e nij binne der autoritêre liederen yn'e wrâld dy't klaime de wil fan it folk te fertsjinwurdigjen. Op'e nij wurde pylders fan de demokratiske rjochtssteat ûndermynd, sa de parsefrijheid. Op'e nij wurdt der socht nei sondebokken en is der fijannichheid foar oer minsken fan bûten en minderheden, sa as transgenders en homoseksuelen.

By it sintrum ynformaasje en dokumintaasje Israël it CIDI kamen it ôfrûne jier op'e nij mear meldings fan antisemitisme binnen. 1700 yn totaal. In taname fan 11 prosint. Yn Fryslân nimt it tal meldings fan diskriminaasje sterk ta, blykt út de Diskriminaasje-monitor. Ferline jier wie der mear as in ferdûbbeling fan it tal meldings. Meielkoar goed 700.

Oant 1940 wie hjir flakby yn it sintrum in libbene Joadske mienskip fan rom 600 sielen. De besetter makke der in wreed ein oan. Op it nammemonumint stean de nammen fan 546 slachtoffers. De stroffelstiennen binne de stille tsjûgen fan bewenners dy't út de mienskip helle binne en ferneatige binne.

De oare kant op, oan de Dokkumer Ie, siet it sintrum fan it Fryske ferset, mei Jan Evenhuis, Krijn van der Helm en oaren. Strjitnammeboardsjes yn 'De Frijheidswyk' hâlde harren eare heech. De foarstelling *“Evenhuis, bankier fan it ferset”* fertelt it yndrukwekkende libbensferhaal fan Jan Evenhuis.

“Laat het verleden. Van de oorlog kun je geen voorstelling maken.”

Seit Evenhuis yn de foarstelling tsjin syn dochter, dy't ek yn it ferset siet.

Elk jier wer freegje ik my op 4 maaie ôf hoe't it mooglik wie dat ûnder eagen fan de maatskippij hast in hiele befolkingsgroep ferdwûn. Yn Nederlân mear as 100.000 Joaden. Dermei wie ús lân hast it lân mei it heechste persintaazje Joaden dy't ferneatige binne.

De kearn fan in demokrasy is it beskermjen fan minderheden. De demokrasy is in kwetsber systeem en net sa fanselssprekkend as wy miskyn wol tinke. Demokrasy is net de helte plus ien...

Yn ús herten en yn Fryslân kin gjin plak wêze foar antisemitisme en útslúting. Wy binne hjir yn de Prinsentún meielkoar ferbûn troch it dielde ferline, as neilittenskip fan in swierbefochten frede 80 jier ferlyn.

Mar de kennis oer de holocaust yn de skoalklassen rint tebek by learlingen en dosinten, stie fannewike yn de krante.

“De Holocaust, was dat iets met Joden?”

Ik skrik derfan dat in protte jongerein net witte wat Auschwitz wie. Ik skrik derfan as bliken docht dat politisy neat leart hawwe...

Betinken bliuwt wichtich.

Dat binne wy ferplichte oan de ferdwûne Joadske mienskip yn ús provinsje; oan Jim Parks en syn kameraden, oan de omkommen minsken fan it ferset, en al dy minsken dy't sûnt 1945 omkommen binne by oarlochsitewaasjes yn de wrâld. Minsken dy't harren libben jûn hawwe foar ús frijheid. Boppenal: wy binne it ferplichte oan de folgjende generaasje.

“Hat it ferline werklik bestien?”

It ferline hat bestien.

Pynlik! Mar de takomst is der ek, altyd wer!

